



Kuierke rûn Lyndenstein yn Beetstersweach

Lit jo meifiere troch de skiednis fan Hûs Lyndenstein en de Oertún. Jo komme lâns oantinkens út it ferline en út resintere skiednis.

Start is by it boerd oan de tagong nei 'Revalidatie Friesland' (Hoofdstraat 3) de hjoeddeiske eigener fan Hûs Lyndenstein. It rûntsje einigt yn de Oertún en is sawat 2 km.

It hûs Lyndenstein, it âlde Tsjinstgebou mei Lishal, klok en klokkestoel, de Oertún, de bylden van Neptunus, Hadrianus en Antinoüs en de hekwurken binne allegearre ryksmonuminten.

Dizze kuier is in útjefte fan Stichting Historisch Beetsterzwaag. Dit nei oanlieding fan fiif túnbylden dy't ôfkomstich binne út it Fries Museum en yn 2026 yn de tún by Huize Lyndenstein pleatst binne.



Stichting
HISTORISCH BEETSTERZWAAG





1. **Hûs Lyndenstein**
2. **Gevelstien earste stienlizing**
3. **Klokkestoel**
4. **Bisteriembylden**
5. **Ald-Tsjinstgebou, no fersoargingshûs Huys ter Swaach**
6. **Byld Antinoüs**
7. **Byld Hadrianus**
8. **Lighal**
9. **Bylden fan wekjende liuwen**
10. **Apoteekje fan Cornelia**
11. **Byld 'Leren Lopen' fan Hendrik Beekman**
12. **St. Martenstsjerke**
13. **Byld 'Het Gesprek' van Jaap van der Meij**
14. **Oertún**
15. **Byld Neptunus**
16. **Lokaasje fan eartiids de Turkse Tent**

Hûs Lyndenstein en de bewenners

Yn 1781 fêstigen Rijnhard baron Van Lynden (grytman fan Opsterlân) en syn frou Ypkjen Hillegonda van Boelens harren yn Beetstersweach. Sy giene wenjen yn 'Nieuw Fockens'. Dit hûs stie yn wat no de foartún fan Lyndenstein is. It pear liet de Oertún oanlizze yn Frânske styl mei trije rjochthoekige fivers. Efteryn waard in teepaviljoen boud, de saneamde Turkse Tent, yn 1991 troch brân ferlern gien. De tún waard opkreeze mei bylden: Neptunus, Antinoüs, Hadrianus en de tolve bisteriembeelden, bylden dy't de moannen fan it jier ferbyldzje.

Yn 1821 is it hjoeddeistige Hûs Lyndenstein (nû.1) yn neoklassisistyske styl boud yn opdracht fan Frans Godard Ayzo Boelens baron Van Lynden (1781-1827). Ek hy wie grytman fan Opsterlân. Njonken it hûs waard in klokkestoel boud.

De Oertún is yn 1832 troch tûnarsjitekt Roodbaard transformarre yn in Ingelske lânskipstún. Ek om it hûs kaam in tún yn deselde styl.

Frans Godard ferstoar jong. Syn soan Reinhard erfde Lyndenstein. Hy troude mei Maria Catharina baronesse Van Pallandt. Sy krigen ien bern: Cornelia. It gesin wenne benammen yn Den Haag. Cornelia wie sosjaal oandien. Hja makke as 12-jarige yn har 'apoteekje' salven (foar bygelyks wûnen en pinemûle) en (hoasters)drankjes.

Cornelia ferstoar doe't hja tweintich jier âld wie. Baron Van Lynden lei fêst yn syn testamint dat syn bysûndere skilderijensamling oan it Rijksmuseum yn Amsterdam skonken waard. Lyndenstein moast in ynstelling wurde foar earme, behoeftige bern, yn de geast fan Cornelia.

Yn 1914-1915 is Hûs Lyndenstein ferboud ta bernesikehûs 'de Cornelia-Stichting'. Op it terrein is in Tsjinstgebou (nû. 5) mei Lighal (nû. 8) kommen en út dit bernesikehûs is nei de twadde wrâldkriich it kinderrevalidatiecentrum ûntstien. Hjoeddeistich is Revalidatie Friesland hjir fêstige.



1. Hûs Lyndenstein

It gebou is ûnderdiel fan Revalidatie Friesland.

De oarspronklike yngong is verpleatst nei de eastkant.

De yngong fia it bordes is yn de tiid fan it bernesikehûs ek lishal west.



2. Gevelstien

Yn de eastgevel neist de trep nei de yngong is de stien ta gelegenheid fan de earste stienlizing yn 1821. De arsjitekt wie Abraham Bruinsma (1766-1849) út Ljouwert. Hy hie oant de Frânske Revolúsje yn Parys by de Gebouwetsjinst wurke.



3. Klokkestoel

De klokkestoel bestiet út twa bysûndere houten standers en in mei laaien bedutsen skylddak mei pironen. De brúnzen klok is yn 1822 pleatst. De klok is getten by Van Bergen en Fremy yn Midwolda. Op de klok stean de nammen fan de opdrachtjouwer, it famyljewapen en de nammen van de makers fan de klok: Andries H. van Bergen en Mammens Fremy. De klokkestoel is restaurearre yn 1977.



4. Bisteriembylden

Hjir stean fiif fan de oarspronklik tolve sânstiennen bylden fan mytologyske figueren, bygelyks Weachskaal (septimber-oktober) mei byld fan Pomona. Op it fuotstik stiet in bypassend bisteriemteken.

De bylden binne makke troch Jan van Logteren (1709 -1745) út Amsterdam, de soan fan Ignatius van Logteren.



5. Ald-Tsjinstgebou, no Fersoargingshûs Huys ter Swaach

Dit gebou hûsfeste de elektryske sintrale foar lift en ferljochting, in ynstallaasje foar it ûntizerjen fan grûnwetter, spiel- en ynmakkeuken, laboratoarium, garaazje, leslokaal en útfanhûzerkeamer.



6. Byld fan Antinoüs

Rjochts neist de garaazjedoarren stiet it moarmere byld op fuotstik fan Antinoüs, de leafde fan keizer Hadrianus. Hy wurdt altyd ôfbylde as Bacchus, neaken boppeliif mei in krâns fan druveranken.

Dit byld stie yndertiid oan de opgong nei de Turkse Tent. It is net bekend wa't de makker is.



7. Byld fan keizer Hadrianus

Links fan de garaazjedoarren stiet it moarmeren byld op fuotstik fan keizer Hadrianus, mei blêdkroan yn syn hier en bontkraach. Hadrianus is ôfbylde mei burd, in ferwizing nei de âlde Grykske wiisgearen. Dit byld stie oan de oare opgong nei de Turkse Tent yn de Oertún.



8. Lighal

De Lighal, is tagelyk mei it Tsjinstgebou boud yn 1914-1915. It wie doe in iepen hal dêr't de bern bûtendoar leine. Yn 1926 is der beglêzing oanbrocht om der in ferpleechôfdieling fan te meitsjen.



9. Bylden fan twa wekjende liuwen

By de trep nei de Lighal stean twa sânstiennen bylden fan liuwen. De rjochter hâldt it wapen fan Van Lynden fêst en de linker it wapen fan Van Boelens (mei yn it wapenflak twa ikels, symboal fan in eigenerfde). De liuwen hawwe foarhinne stien op it terrein fan 'Nieuw Fockens'.



10. It 'apoteekje van Cornelia'

Dit hokje is in rekonstruksje fan it 'apoteekje fan Cornelia'. Oarspronklik stie it flakby de klokkestoel.

Freule Cornelia makke dêr har salfkes en drankjes. Hja hold yn in skriftsje by hokker salfke of drankje oft se oan wa útrikte.

Dit skriftsje leit yn de fitrine yn de 'museumkeamer' fan Lyndenstein.



11. Byld 'Leren Lopen'

Dit brúnzen byld fan Hendrik Beekman (b. 1945) symbolisearret de swierte fan it proses om op'e nij rinnen te learen en it is in symboal fan hoop.

It byld is yn maaie 2013 oanbean troch revalidanten fan Revalidatie Friesland. Rûn dit byld is yn de simmer fan 2026 de tentoanstelling 'Van Lyndens Erfenis in Beelden' oer de skiednis fan de famylje Van Lynden, harren hûs en keunst.



12. Sint Martenstsjerke

De Midsiuwske tsjerke lei op it krúspunt fan de âlde diken: Kerkepad Oost nei Olterterp, Kerkepad West nei Beets en It Skeanpaad nei Boarnburgum (en kleaster Smelle Ie).

Yn 1803 -1804 waard de tsjerke op de âlde fûneminten op 'e nij boud op kosten fan de famyljes Van Lynden en Van Teyens (de wapens fan dizze famyljes steane yn de wynwizer). Yn de tsjerke binne ferskate objekten dy't skonken binne troch de famylje Van Lynden: it oargel, de hearebank, in lessener.



13. Byld 'Het Gesprek'

Dizze skulptuer fan beton is makke troch Jaap van der Meij (1923 -1999), in keunstner fan de weropbou-perioade. Hy makke benammen bylden fan beton. Yn it Noarden fan Fryslân stean op ferskate plakken bylden fan syn hân. Fan 1967 ôf hie er in atelier yn de (no ferdwûne) Adelstsjerke yn Beets.



14. Oertún

Yn 1832 makke túnarsjitekt Lucas Pieters Roodbaard fan de Oertún yn Frânske styl in Ingelske lânskipstún. Hy lei ek de tún efter Hûs Lyndenstein oan.



15. Byld fan Neptunus

Dit sânstiennen byld fan Neptunus is fan de hân fan de Amsterdamske byldhouwer Ignatius van Logteren (1685 -1732), ien fan de wichtichste Nederlânske byldhouwers yn it begjin fan de achttjinde iuw. Hy wie de heit fan Jan van Logteren, dy't de bisteriembylden makke. It byld hat earst stien yn de tún efter Lyndenstein.

Yn 1915 is it byld nei de Oertún ferpleatst troch túnarsjitekt L.A. Springer.